

Yn it spoar fan Hieke Hornstra

TINK OM DE SKEPPER!

We moatte it even ha oer DTG. Elke sneon-te-jûn is it 'vaste prik': nei it earedivysjefuotbal even surfe nei de steatsomrop en hingjen bliuwe op side 395 fan teletekst om te sjen hoe't DTG it der ôfbrocht hat. Dit jier yn de seal boppe ferwachting en Harich. In grut komplimint. DTG hat by my in waarm plakje krigen. Dêr leit in grut part fan myn sportlibben. Ik ha fuotballe by Balk en doe't Sleat in club krige by Sleat, want sei ús mem: 'Wy ha mear klanten út Sleat as út Balk', by Drachtster Boys, YVC en by L.A.C. "Frisia 1883". By dy lêste club hoppelje ik noch wat mei op tiisdei-te-moarns by de superveteranen. Wy neame ússels FC Greunshiem, no, dan witte jimme it wol.

Fan al dy clubs giet der neat boppe DTG. Koart nei de oarloch waard der earst kuorballe op it lân fan Martien Swart, njonken de pleats fan no Henk Swart. De fuotbalclub fan Balk hat dêr ek noch aktyf west. Ik wit der net folle mear fan, foar ús wie it terrein yn it bosk. Wy hienen doe in lid út Warns, Grietsje de Jong, dy gong op 'e fyts op en del. Bisûnder, mar ek wer net, want se fytste ek de Alvestêdentocht.

Der waard mear fytst yn de jierren fjirtich. Utwedstriden nei de Hommerts, bygelyks. En op de grutte serywedstriden kaam DOS út Boijl de freeds fantefoaren al op 'e fyts nei Wikel. Dy series, dan wienen dagen fan komsa. Wiken fantefoaren hongen wy spandoeken yn de beammen lâns alle wegen dy't yn Wikel útkamen: GROTE SERIEWEDSTRIJDEN mei datum en plak. Yn de oanrin waarden der fiif fjilden útlein fan trije fakken, want dat wie doe sa. Twa einfakken en middenfak. De bal moast troch dat middenfak en dêr waard immen oan wiisd om dy by de line te kearen; it fenomeen DE SKEPPER. De kreet wie dan ek aloan: tink om de skepper! SIM fan Nijbrêge hie in baas skepper, immen fan twa meter en noch wat, in hiele toer om der in bal lâns te krijen.

It middenfak hie ek as foardiel dat as de bal twa fakken fierder wie jo de saak wat oereagje koenen. Sei Jehannes Bosma tsjin my as hy in aardich pykje seach: "dy soe ik wolris arresteare wolle."

Der moast op de serydei in konsumpsjetinte komme en letter waard der in lyts iepenloftheater boud fan pakken strie mei planken en mei in podium foar it selskip dat foar it simmerjûnenocht soargje moast. Bygelyks Kok út Amsterdam, mei Mimi Kok, letter bekind as Gré Braadslee yn de Barend Servetshow. 'Gré wat heb je deze maaltijd weer heerlijk ontdood'. Stoffel Visser spruts by de iepening fan de jûn:

'Het was een hele toren om het gezelschap Kok hier te krijgen'.
Bokwerkers avant la lettre. Om it fuort te krijen gie in stik makliker. It selskip liet him yn it skoft útbetelje en sette nei goed tweintich minuten rjochting Mokum.

DTG spile doe op it twadde nivo. Yn de earste klas wie meastal de finale tusken DOS út Boijl en Samenspel fan Steggerda, twa ploegen dy't elkoars bloed wol drinke koenen. Wy hienen deselde relaasje mei WWYD Hommerts. As it der wat op wijrje woe wie Hielke van der Molen fan Ljouwert de arbiter, in man yn blauwe blazer mei it bûnswapen op it festjebûske, in strang gesicht. in man mei gesach. Letter op de skiedsrjochterkursus sei hy tsjin my: Stegenga, wer't jo ek binne se moatte jo yn Himpens hearre kinne, dus soargje foar in skerp fluitsje. Dat fan my wie bykber net skerp genôch, myn tiid as skiedsrjochter hat net lang duorre. Wy hienen yn Wikel dyt' folle better wienen; Albert en Jehannes Scholtanus bygelyks.

Kuorbaljen dienen wy allinne simmerdeis op sneon-te-jûn mei aardich wat folk lâns de line, ek út Sleat wer't ek de ijskocarre weikaam. De fytsen makken linkendewei plak foar it Austinbuske fan Yke Swart. Dêr mochten njoggen minsken yn, mar foar tolve en tretjin man wie ek plak, allinne as wy by in plysje yn it sicht kamen dûkten der in stikmannich ûnder de banken. Noait probleem mei hân. Minstens ien kear makke de Austin plak foar de grutste bus fan de ZWH, dat wie doe't wy yn Aldegea (W) kampioen wurde koenen en der safolle supporters meigongen dat sels it flaggeskip fan de ZWH te lyts wie.

DTG hat yn de djippe Súdwesthoeke lang de iennichste kuortbalklup west. Yn de jierren fyftich binne wy op 'missie' gongen nei Harich, Aldegea (HON), Koudum en Aldemardum. Dêr is allinnich Harich fan oerbleaun. Dus tanksij DTG.....

Mar DTG wie mear, wy wienen ek toanielclub mei yn it earstoan sokke ernstige stikken dat in part fan it publyk tusken it twadde en tredde bedriuw de bûsdoek te foarskyn helje...Bal na, foar it earst yn Wikel yntrodusearre troch DTG. Noch mear. Op in feestjûn hellen wy de kombo fan Ger van Son út Stienwyk nei de Bargebek: jazzy muzyk, noch noait fertoand yn Gasterlân.

Yn de jierren sechtich slaggen wy deryn as earste klup yn it moaiste part fan Fryslân yn it KNKV troch te dringen. Wy spilen doe de measte wedstriden op Kamp Sondel, om't wy plak meitsje moasten foar VV Sleat yn it Wikeler Bosk. In swarte bledside yn ús bestean, mar hawar jo sjogge hoe goed it fundamint is dat yn 1947 lein is troch master Sjoerd Dykstra en oaren.

Willem Stegenga.